

Thomas en de Geast

Soms hearre jo yn de nije Bibel wurden, en tinke jo: stie dat der altyd al? Sa hawwe wy yn 'e tiid fan Peaske lêze kind: Eén van de twaalf, Thomas (dat betekent: 'tweeling'), was er niet bij toen Jezus kwam (Jeh. 20: 24). Hè? Stie dat dêr?

De nije Fryske Bibel fan 1978 hat min ofte mear itselde, mar eins alle eardere oersettings hawwe 'Thomas, genaamd Didymus'. Mar wat is Didymus? Bibelfêste minsken wisten it wol: 'Didymus' betsjutte eins 'twijfelaar'. No is dat in bytsje koart troch de bocht. Yn 'e fanâlds bekende *Bijbel met kanttekeningen* dy't yn hiel wat húshâldens te finen wie, stiet: "Didymus betekent 'tweelingbroeder'. Het Hebr. woord voor 'twijfel' is met dat voor 'twee' verwant." Mei oare wurden: Thomas hie in bynamme, en dy bynamme joech oan dat er eins in bytsje in twivelder wie. De beide kearen dat Jehannes dy bynamme neamt, nammentlik yn it ferhaal fan Lazarus (Jeh. 11: 16) en yn it ferhaal fan Jezus syn ferskinning nei Peaske, lit Thomas him ek net fan 'e optimistyske kant sjen. Thomas, genaamd Didymus - en dan komt der wer in ûngelovige opmerking. Sjogge jo wol, hy hie dy bynamme net om 'e nocht. Dat gong sa fier, dat Thomas op in gegeven stuit ta beskermhillige wurden is fan de téologen. Dy twivelje ommers ek altyd ...

Mar sa sit it net earlik. Jehannes hat it net oer in bynamme fan Thomas, nee, Jehannes set Thomas syn Hibrieuske namme oer yn it Gryksk. Dus presys sa't it yn 'e nije bibeloersetting stiet: Thomas - de namme betsjut letterlik 'twilling'. Minsken dy't Hibrieusk praten wisten dat wol, mar Jehannes skriuwt syn Evangeelje yn it Gryksk, en net alle Grykske minsken koene dat witte. Sadwaande. De namme Thomas is ûntstien, doe't in Joadske heit en mem in kear twillingen krigen, en it iene berntsje in bepaalde namme joegen, en it oare, omdat it der safolle op like: Thomas, oftewol: syn of har Twilling. Krekt sa't yn it Frysk guon bern ek wol Broer hjitte, of Sus. Sa'n namme wurdt dan njonkenlytsen gewoan, en nei in skoftke wit net ien mear dat der eins in ferhaal by heart. Sa hat it mei Thomas ek west: in gewoane Joadske namme. Meskien wied er wol in twilling, mar de kâns is grutter, dat de namme gewoan by him yn 'e femylje siet.

Is der dan gjin ferbân tusken 'twilling' en 'twivel'? Ja, dat al. Yn âlde tiden wiene in protte folken bang fan twillingen, hielendal as se ek noch hast identyk wiene. Minsken leauden soms, dat de duvel dêrefter siet, of dat ien fan 'e bern eins in spoek wie, en by guon stammen waard ien of sels beide twillingen fuort nei de berte deamakke. Dêr sit de eangst efter foar wat jo net begripe kinne: hoe kin it no dat in mem yn prinsipe gewoan ien bern kriget, en dan komme der yn ien kear twa? En net allinnich dat: twillingen hawwe úteinlings in fin mear as in bears. Se binne faak tegearre, se komme foar elkoar op, en as se in protte op elkoar lykje, kinne se dêr allegear handige streken mei úthelje. Jo witte as bûtensteander dan ek net, wa't jo foar hawwe. Twillingen witte wat, dat jo net witte. As jo ien fan in twilling tsjinkomme, witte jo faak net hokker oft it is. Mar de twilling wit it sels wol, en is dus altyd op foarsprong. De twivel sit net by de twilling, mar by de ienling!

Mar omdat twillingen yn it grutte gehiel fansels altyd in útsûndering binne, waard en wurdt de skuld fan 'e twivel by harren dellein. En blykber hat Jehannes dêr ek wat fan oanjaan wold: Thomas wie yn saken fan it leauwe net 100% fertroud - en it is krekt as seit er: dat is ommers ek gjin wûnder, want syn namme betsjut ommers 'twilling'!

No is it aparte, dat de figuer fan Thomas yn it easten fan 'e tsjerke ek oanlieding jûn hat ta hiele oare ferhalen. Op in bepaald stuit leauden se dêr, dat Thomas ek *echt* in twilling wie - mar wa wie dan syn broer? It antwurd wie: Jezus sels! En sa ûntstiene de ferhalen, dat Thomas just nèt de twivelder wie, mar just de bloedeigen twillingbroer fan de Hear sels. En Thomas syn pessimistyske opmerkingen wiene dan gjin utering fan twivel, mar just fan 'e djipste fan syn leauwen. Yn Jeh. 11: 16 besiket er de oare learlingen al dúdlik te meitsjen wat it lot fan in apostel is, en yn Jeh. 20: 24 wit er al wat him te wachtsjen stiet. En is hy net de earste dy't iepentlik seit: 'Myn Hear en myn God'?

As broer fan 'e Hear krige er dan ek in spesjale opdracht: om it Evangeelje te bringen yn it

Easten. Sa binne der ferhalen dat Thomas fia Turkije, Perzië en Pakistan nei Yndia ta reizge is (ûnderweis kaam er de wizen út it Easten tsjin, dy't er doopte en fuort ek mar ta biskop wijde), en dan sels nei de kust yn it súdeasten fan Yndia dêr't de stêd Madras leit. De ferhalen binne histoarysk net botte betrouber, mar it is wol opfallend dat der yn Madras in monumint út 'e sande ieu bestiet dat Thomas syn grêf wêze moatte soe. Dat wa wit ...

Werom nei de Thomas fan de Bibel. Broer of gjin broer, twilling of gjin twilling, hy hat muoite mei it leuwen yn 'e goeie ôfrin fan it Evangeelje. Op in gegeven stuit freget er sels bewizen - en hy sil der wol net fan út gien wêze dat er dy krije soe ... Sadwaande hat er yn 'e westlike tsjerke, dêr't wy ta hearre, lang net sa'n goeie namme krige as yn it easten.

Mar is dat wol terjochte? Jezus seit yndied dat deselden lokkich binne dy't leauwe sûnder bewizen, sûnder te sjen. Mar komt Er just net, om al syn learlingen àl sjen te litten? Net allinnich Thomas, mar ek de oare tsien en dy't by harren hearden? En wêrom moat de Hillige Geast dan noch komme?

Wy tinke faak, dat de Geast ús de dingen witte lit sûnder dat wy se te sjen krije. Mar de Geast is yn 'e Bibel net in stil stimke yn it hert, net in gefoel fan binnen. Geast is wyn dy't beweecht: sa't de wyn de blêden troch de loft fleane lit en se op in oar plak bringt, sa blaast de Geast fan God de minsken op paden dy't se út harsels noait keazen hiene. En op dy paden krije se krekt dy dingen te *sjen*, dy't God har sjen litte wol. Sa't wy ek gauris sizze: efterôf *sjoch* ik God syn bedoeling. En dàn begjint pas it leuwen. Net it leuwen dat betsjut: no gean ik derfan út dat it wier is, mar it leuwen dat betsjut: no doar ik derop te betrouwen, no kin ik derop oan.

Thomas sil bêst leauwe wollen hawwe dat syn maten de Hear troffen hiene. Mar hy kin der pas op betrouwe, as er der sels wat fan *sjoen* hat. Thomas sprekt hjir gjin twivel út, mar ferlet. It ferlet fan 'e Geast, dy't wy allegear nedich binne. Hy is alwer de earste dy't it yn 'e gaten hat.

Liuwe H. Westra